

# BITKOÄN

Vladimir Kopicl



Oerset út it Servysk troch André Looijenga

**oare**wurden  
|||

**druge**besede  
|||

Co-funded by the  
Creative Europe Programme  
of the European Union



**Bitkoän**

**1**

*Fan Veles nei Bitola, 5 augustus 2017*

Bergen, bergen, bergen.  
En dêrefter noch mear bergen.  
De lucht alhiel ûnsichtber by fjirtich graden,  
yn ien rjochte line fjirtich oeral,  
foar elk, oeral, fan elkenien,  
foar elk wat net nedich is, fan elk wat gjin wurk is  
as wie it gjin healdeade, gjin ûnsichtere transysje  
fan arbeidersselsbestjoer nei it kapitalistyske nirvana,  
hjiir wêr't libbene reek de ynvestearrings noch fertsjusteret  
se ferfaget yn krinkjes dat se de eagen net prykje,  
want ast se dêr net sjochst, binne se ûnmooglik te sjen:  
faaks sitte Goldman en Sachs noch yn kening Marko's grot  
en driuwt Dow Jones om lykas iel út Ohrid.

De trein wit der net fan, is in rûp, koartlyn út Sina besteld  
dat er him yn dizze hitens ta flinter transformearret,  
benammen foar de reizger dy't fan wat betters net mear wit.  
Lykas binne helte fan de reizgers bern fan de spoarwegen,  
pinsjonearden net inkeld, mar ek de opljeppen jeugd  
dy't laitsje as de kondukteur om in kaartsje freget,  
mei in koarte psychopauze, in kwinkslach,  
as soe de man se in wan bruien jaan – mar elk laket.  
Lykas binne se allegear famylje-fan mei frij reizgjen  
yn dizze mikro-mienskip dêr't elk inoar ken  
better as de pryster de deade sielen fan de sikefûnsâlderein.

Ik ken hjir gjinien, en it iennichste dat ik kin  
is mei de eagen de rûnings fan in keurige dame neigean  
dy't rjochts fan my sit, útstald foar myn blik,  
dy't noflik plaknommen hat neist in jongeman  
mar dy sliept, mûle iepen, as op paad nei 't paradys  
nei in stevich moarnsmiel, en miskien wat bierkes.  
Ek hja is stevich, justjes boppe de knibbel,  
wêr't froulju oandacht en winsk opjouwe om sjoen te wurden,  
mar hja is krekt-wat foar hûndertnochwat kilometers trein,  
krekt-wat ûnderweis oan tafoege sensuële minskematearje:  
dizze hiel leave boarsten dy't it sykheljen noch leare,  
de fine noas, eagen, glimlaits, har noch lytse ûnderkin.

Ja, hjir is wat waarms, wêr'tst de blik ek gean litst,  
allegear soarte ûnsljochts, en wer alles as yn 'e hân  
kundich útslipe yn it lân fan filigraan,  
ûnkundige natuerlike glâns dêr't de lippen ophâlde  
of dêr't organyske drippen de foarholle sa mar bewietsje,  
dizze sleauwe boadskipkes fan in stewardess op fakânsje,  
of fan in relations manager fan it bedriuw fan har heit,  
of fan in fantoom-omke waans knappe nichtsje nei Bitola stjoerd is,  
wa wit wêrom en hoe, mar beret genôch  
nei mikro-mimicry foar in skôgjende bûtenlanner oer,  
sadree't se mei beide fuotten stasjon Bitola opstapt,  
beide tige profesjoneel de iennige taksy ynlûkt,  
sedich it portier slút en sûnder tsjûge fuortrydt.

Sneu ein fan in treinreis en fan wille it begjin.  
Hee, ik bin der wer, o stêd, of faaks better – o Underwerp!  
grif kinsto noch ien as oare kronykskriuwer korrumppearje  
fan dejingen dy't fersen dichtsje as voodoo poppen:  
beweging hjir, beweging dêr, dus in fleurich spultsje.

Jo iuwen, o Frouwe, binne lyk it tal fan myn jierren, likernôch,  
dus mei ús in idylle wêze oerienkomstich de tiden,  
net lykas jo nei restauraasje fertutearze Heraclea,  
alhiel fergien ta stof, ek al is dat de ierde.

Ierde wit wat wy nedich binne, mar seit dat de druven net.  
Druven witte mar sizze net, om't se hieltyd radio heare,  
en soms tillevyzje sjogge om wat der foarsein wurdt,  
foardat it waar omslacht en it gewaaks fernielt.  
Ek perziken witte, yn stilte, soms heal-opiten,  
en tafallich net opiten, knypt har de pit.  
Lit it sa wêze, lit se stil wêze, stil bin ek ik  
mei yn 'e mage de wurden, foar de helte fan iten.

*Bitola, 6 augustus 2017*

Ast in stien yn 'e mar goaist, silst him dêrmei net yn ûnstjoer bringe.  
Wat fierder oftst nei it suden giest, wat minder bist dyn namme nedich.

Ast delsitst oan 'e kuierleane,<sup>1</sup> jûns, ferfleane dy de soargen,  
want sûnder euveldoed skôgesto dêr alle gesichten en fuotten.

Ja, oant 'e helt ûnskuldich sitst dêr earne, mar fertel net wêre.  
Oan it taffeltsje neist dines ha twa seemearminnen plak nommen.

De iene is folkommen fan skjintme, foarsjoen fan in fyn noaske  
en wierlik it bêste is om mei har op bleate fuotten te wêzen.

Bleat troch toarnen fan ûnwittendheid hoe se te ûnderfinen  
en tagelyk yn noed oer hoelang tastien is om te bliuwen.

Foar it Bruorren-Manaki-hûs geane alle fuotten earne hinne  
en wurdt it dúdlik foar ús, it wurdt tiid dat wy ek fleane.

Ferjit do dochs dizze liven, moaier as ea earder,  
en mochten oare oait komme, jou dat se ienris wer geane.

---

1 De 'kuierleane', de *šetalište*, is de promenade troch de binnenstêd en it park fan Bitola, dêr't alle jûnen de ynwenners flaneare. (Noat fan de oersetter)

*Bitola, 6 augustus 2017, krekt foar middernacht*

Yn 'e kafees oan 'e kuierleane ha de stuollen skonken  
en wa't op dy stuollen sitte, sjogge nei oaren har skonken,  
en blêdzje se troch, yn 't foarbygean, as lêze se âlde boeken  
en nije, meast net te begripen, op boekhannelsplanken.

En as earne in boekhannel is, is dat in biblioteek hjirre  
in kongresbiblioteek útstald ûnder koarte rokjes.  
Hjir soe elke lêzer útnûge wurde om sels ek te skriuwen  
krekt as Sextus Propertius en guon út langstme noch heger.

*Bitola, 8 augustus 2017*

Nei in rûch foarspul hat de rein de stêd ferlieden.  
 Net mei geweld, wol grondich hat de bui har skjinlikt  
 wurch donker, sleau, út 'e rjochting fan de Bazar,  
 fan de konsulatebuert en alle ferlitten meridianen ôf,  
 tsjok, mei in foarbyldich patina dat net wykje wol.

Nearne gjin seefûgel. Neat fleant der oan de kime.  
 Stil, stadich kringt de ferdamping fan de Balkan binnen,  
 tsjustere lading mei skakearrings fan sinnedelgong  
 tsjokker as sloppe espresso om de tiid mei fuort te spielen  
 yn de bûtenproporsjonele en oerbefolke bistro  
 sa handich sintraal krekt tsjinoer hotel Épinal.

Gjin reden foar panyk, elk is hjir oan de promenade  
 lykas eartiids op it fjild of, God ferhoedzje, yn 'e striid,  
 alle opfolgers fan Byzantium, mei in pear oanreizge Goaten,  
 postmoderne Sarmaten en frijwat noftere Britanniërs,  
 wylst tichtby immen fan de Cycladen kuiert, in grutske Illyriër,  
 gauris in moaie Mauretanyse of in blomrike Venetiaan  
 op 'e swalk rekke fan Ohrid ôf op it ritme fan feragosto.

O, al ús hope is rjochte op 'e himel,  
 ek al is de himel klear om ús de moandei te fernielen,  
 om syn sied te struien oer de sedige úttekene stêd  
 en om tûzenen pylgrims nei Bitola's filigranen moanne  
 yn it fagefjoer te driuwen fan smooth jazz, trash pop en geraas.

Ja, hjir sille wy gearkomme om de oligarch ta te razen,  
ien dy't nei de reinbuien alles foar ús oplosse kin,  
foar ús in businessplan opstelt, in cleane eroatyske útwei,  
dat wy witte wêr't wy nei stribje, al komme wy net út Strumica,<sup>2</sup>  
as de earste wolken weidriuwe en de nije tiid stilfalt.

It wie stil wurden, nei middernacht, even foar de moarn,  
sels yn it RockCafé, de club dy't mei syn lawaai in Ierske dichter  
derta dreau om út de keamer, dêr't ik no skriuw, te ferhúzjen,  
fierderop, fjirde etaazje, en boppedat ek sûnder lift.  
Ik bin hjir allinne, yn dusoarder, mar wis net sûnder wurk,  
mei ûnwille en ûnrêst dy't de himel net pasje.  
De bliksem hat wat skreaun, en ik haw sels ek skreaun,  
mar je witte wa't liedt as it publyk kiest.

---

2 De eardere boargemaster fan Strumica, de sosjaal-demokraat Zoran Zaev, is sûnt maaie 2017 premier fan (Noard-)Masedoanië. (Noat fan de oersetter)



*Bitola, 17 augustus 2017*

Hjoed ha se my meinommen om de Dichter te sjen.

Hjoed wurdt juster, want wy binne hingjen bleaun.

Hy publisearret net. Hy lêst allinnich, lûdop.

Jawis, hy lêst. Lûd, echt lûdop.

Hy toant syn fersen,

Seit: ‘Tige!’, ‘Tige by tige!’, syn eigen kommintaar.

Mear as twa oeren duorret it, yn in keamer boppe it museum,

Privee, persoanlik, fan himsels,

Net werkenber ferheven, heal-ferlitten,

Wêr’t ien fan de skildernijen folslein Byronesk is,

Mei in popkige miskien-Byron links, yn healprofyl fan rjochts,

En foar him rjochts, yn linker healprofyl, miskien-Shelley en Sy.

Ja, krekt: de ivige Sy. En allegear binne se fraai skildere,

Sy trijen op it earste plan en de rest ferskriklik.

In kitschige eftergrûn, it perspektyk kompleet poater.

Sa is it mei keunst, it is dreech om fol te hâlden.

Lykwols, Hy jout net op: as er lêst, lêst er hieltyd troch!

Of lit ús in film sjen fan ien fan syn lêzingen,

Mei publyk, op it plein, yn it museum, yn it renovearre pakhûs,

En sels op in kear, seit er ús, by de premier op kantoar.

De gedichten? It begjin goed, anargistysk,

Lykas syn fers ‘Moardende skriuwers’, wêr’t de titel fansels sprekt

En de rest, foeget er ta, yn styl neat slopper.

Hiel aardige gedichten, mar herinnerje se my net.

Mar in oare herinnerje ik my, ûngefear,  
Gelikens yn sfear en dochs hielendal oars,  
Mei twa-trije moaie oergongen en in stylbreuk.

It hjit ‘*Skarani planini*’ yn it Masedoanysk,  
Net sa’t jim tinke,<sup>3</sup> mar *skarani* betsjut ‘yn deilis’,  
Dat sa: twa bergen ha heechgeande rúzje mei-inoar,  
Sûnder wat mei seks, mar it fers krijt spanning  
Ja streamt, streamt, streamt, hat ferneukte betsjutting,  
Is op ien punt sichtber ferwongen  
In oprop ta hope, dat prinsipe twifeleftich foar elk  
Slimmer as de namme ‘Gavrilo’. ‘Gavran’ is altyd better.<sup>4</sup>

Dy twa bergen hawwe deilis mei-inoar en dat is it probleem,  
Fysysk, mar ek metafysysk, dat soest net neifertelle kinne,  
As dan dy slaande rúzje oanhâldt, drave de bisten derwei  
En Hy neamt se allegear, mei klearre, in bytsje skelle stimme,  
Mar mei heechachting: al dy foksen, wolven, lynksen  
Ek de lytsere bisten, dy’t wol wat op ús lykje,  
Wat ik derby sizze moat, ek al seit de Dichter dat net.

Net al te dúdlik, want hjir rekket Er in pear rigels de trie kwyt,  
Of ik ferstean se net, mar Hy komt werom yn it gedicht  
En it einiget yn ekstase, mei útstutsen earms.

Hoe einiget it? Ik wit it net, want ik bin sels ek  
Ut it gedicht weistreamd, mei dy mannichte bisten  
Wylst se fan de berch flechten, út har eigen bosken  
En út de bosken dêrtsjinoer op dy oare berch.

In protte bisten foar hjoed, in protte ek om ús hinne.

---

3 Oars as yn it Masedoanysk, betsjut yn it Servysk it wurd *skarani* ‘ferneukt’. (Noat fan de oersetter)

4 *Gavrilo* is de Súd-Slavyske foarm fan de namme ‘Gabriël’ en de namme *Gavran* betsjut ‘raven’. (Noat fan de oersetter)

En wer taasten se my yn 't moed. Wêr flechtsje de bisten hinne,  
Al dizze godlike skepsels net wend oan autoriteit,  
Utsein fan de nacht, net oan de Dichter syn swiere hân  
Dy't oer ús útstutsen wurdt, as dy fan in rjochter,  
Oft wy harkje of net, oft wy sjogge nei it ûnsichtbere?

No't ik healwekker yn myn nêst yn 'e stêd sit,  
Foar it ûnferneukte wâld fan it net-beskreaune skerm,  
Trilje se út myn trouwe eagen wat mei letters,  
As wurd ik al dy bisten noch gewaar yn omearming mei Jo,  
Sa as it triljen fan it ljocht tusken ûntelbere kloeren,  
Op it waarme, slûge kessen fan dy ferneukte simmer  
Dy't ús ferbynt en yn twaën dielt lykas de skrikkeldei,  
Lykas tuten de lippen en as it tsjuster de oevers.

*Bitola, 23 july 2017, sneldiken*

*neist Peter en Charlie*

Yn 'e sinne drûget it falkehert. Mar in wiete fisk wurdt net kâld.  
 Gjin twifel: de hite lucht trillet. No, dêr rane gjin iisbergen.  
 Sawol noas as ear bespeure eat dat allinne de stjerren kenne,  
 Mar dy ferskine net oerdeis. Dy reizgje inkeld by nacht.

De tafel hat mar fjouwer poaten, en trije gasten sitten deroan.  
 Twa keardels fan de Noard-Balkan en in Muze út Seattle.  
 Hja en de Earste skinke mastika yn. De Oar in drank út ljocht.  
 En elk wurdt in glês wetter broud, as it bloed fan in poalhoanne.

Hja mei it molksied yn it glês, se skriuwt dêr ek wat oer.  
 De Earste sint op fingers yn 'e tas, wat te snippen, út te naaien.  
 De Oar sjocht dat tiid nedich is om net pakt te wurden,  
 Mar foar de moarn sil it slagje, as de gelegenheid dêr is.

Oeral yn Bitola is de tsiis echt super, mei gatsjes yn 'e koarste.  
 Foar elk moat hjir wol wat wêze, sels foar wa't neat wol.  
 Lykas in sûper besiket te sjongen, om him net skamje te hoegen,  
 Moatst de fettige triedden bestruie mei fjildblombedsjes.

Oer Pyramus hat hja it en oer Thisbe. Plus: watfoar wurk, wat wurde?  
 In beam sels mei guon diele, dat de tûken har mei minsken ferbine.  
*Ja, dat is mooglik*, seit de Oar, *sa sille har trije Ikken ûntstean*,  
 En de Earste heart de miggen op it nyft, de blêden om de weagen hinne.